

## **Jierferslach 2018 fan it Bestjoer fan de Freonen fan Tresoar.**

### **1. Gearstalling fan it Bestjoer.**

Yn 2018 bestie it bestjoer út de folgjende persoanen: Jannie van der Kloet ( foarsitter), Hanneke Hoekstra ( oant april), Oebele Vries, Marijn Molema, Theo Delfstra, Meindert Reitsma en Janna de Jong.

De bestjoerstermyn fan de foarsitter rint yn 2019 ôf; der moast socht wurde om in nije foarsitter. Yn 'e rin fan it jier hawwe wy ferskate minsken benadere foar in bestjoerssit, mar dat bleau lykwols sûnder resultaat. Yn april 2018 hat Hanneke Hoekstra spitigernôch betanke as lid fan it bestjoer. Hja koe in sit yn it bestjoer net langer kombinearje mei har baan oan 'e RUG.

Direkteur Bert Looper wie by de bestjoergearkomsten as gast bywêzich om ús by te praten oangeande ûntwikkelingen binnen Tresoar. Der komt by Tresoar in nije organisaasjestrúktuer. Der wurdt ek spesifyk sjoen nei de literêre taak fan Tresoar. Fierder wurdt it bestjoer op de hichte holden oer de ûntwikkelingen binnen Obe nei KH 2018.

Hilda Top wie ek dit jier wer ús sekretariele stipe.

**2. De gearkomsten.** Yn 2018 hat it bestjoer fjouwer kear byinoar west: 30 jannewaris; 10 april; 25 septimber en 20 novimber. Bûten de gearkomsten om ha de bestjoersleden fan en ta kontakt fia de mail ûnder oare oangeande de oanskaf fan it kado foar Tresoar en de oanpassing fan it Fellow-reglemint.

Wichtige punten fan besprek wiene de ynfolling fan it Fellowship, de aktiviteiten mei it doel mear en jonger Freonepublyk oan te lûken, de nije (wervings)folder en in kadobon.

De kommisje dy't dwaande is mei de útwreiding/ferjonging fan it Freonebestân hie as ferfanging foar de maitiidsgearkomste in moai programma op poaten set ûnder de namme Freonekarrûsel. Dit hie op 21 april plakfine sild. Spitigernôch wie der te min animo foar en is besletten dit net trochgean te litten.

De Hjerstlêzing fan 20 novimber waard fersoarge troch de Fellow fan 2018, Milo van der Pol, Syn nijsgjirrige lêzing hie as titel: 'Een bliksemcarrière in Friesland, de werkwijze van Philip Ernst Vegelin van Claerbergen in de jaren 1641-1652.'

By de hjerstlêzing is it jierlikse kado fan de Freonen oan Tresoar oanbean. Diskear wie de kar fallen op in bysûnder boekwurk fan de Frânske filosoof Voltaire mei syn hantekening en in opdracht oan de yn Ljouwert berne politikus, diplomaat en dichter Willem van Haren. In tige nijsgjirrige oanwinst.

### **3. De Letterhoeke.**

Der kaam dit jier ien spesjaal nûmer ( in saneamd meinimnûmer mei de aktiviteiten yn it ramt fan KH 2018) en twa reguliere nûmers fan de Letterhoeke út.. Alle nûmers seagen der wer tige fersoarge út en bieden in moai ferskaat oan ûnderwerpen.

### **4. Fellowship**

Der is yn 2018 net in nije oprop foar In Fellow útgong. Yn novimber is de oprop foar Fellow 2019 de doar út gong. Der is in nije kommisje útein set, besteande út Siem van der Woude van der van der Woude (Tresoar), Marijn Mollema (bestjoer Freonen en Yme Kuipers as ûnôfhinklik foarsitter prof. Dr. Yme Kuiper. It reglemint foar it Fellowship is ûnder de loep nommen en op punten oanskerpe.

Ek wurdt der neitocht oer in mooglike ynfolling fan in HBU-Fellow.

### **5. Takomst fan de Freonen**

De kommisje dy't him hjir mei dwaande hâld sil fannijs besykje in oansprekkende aktiviteit te betinken dy't in jonger /nij publyk lûkt. Hja sykje dêrby help fan meitinkers út de doelgroep.

Ljouwert,  
april 2019